

WICHTIGE SAKEN

De flagge út !!!!

It Amerikaansk spektakel op sneon; alle minsken fan de basisskoalle ôf kinne meidwaan. Jim kinne jim hjirfoar opjaan by it list rinnen. Elts docht mei foar eigen risiko!


Jan kelderhuis hat ús meidiel dat hy dit jier de Merke fan Easterwierrum net mear fersoargje sil. Wy ha no 'Roelof's Catering' ynhierd foar de catering. **Op tongersdeitejûn kinne jo noch oant 23.00 oere mei de âlde munten fan Jan Kelderhuis betelje.**

Roelof hat kofje, fris en broadsjes yn de Tysker, dus thús gjin drokte meitsje. Yntekenje op de list: dan frije tagong op 'e MERKE. Bern oant 16 jier wurde teld by it gesin, binne se boppe de 16 dan moatte se sels op de list tekenje. De MERKE is foar Easterwierrumers en âld-Easterwierrumers. Yntrodusees fan Easterwierrumers binne dit jier ek wolkom, mar se moatte harren wol ynskriuwe op 'e list mei harren eigen namme. Minimaal € 7,50 de yntrodusee de jûn. Mochten wy jo/jimme fergetten hawwe mei de lotten of om op de list te tekenjen, sjit dan ien fan de kommisjeleden oan.

De merkekommissje hat in nijsgjirrich programma gearstald foar de MERKE 2011. Allinnich mei elkoar kinne we fan ús MERKE in sukses meitsje!! Dus in goed sin meinimme en in soad wille meitsje! Dêrby moatte de húsregels fan de Tysker respektarre wurde. Yn it koart binne dizze húsregels: ûnder de 16 jier gjin alkohol keapje en drinke en net smoke yn it gebou.

Foar fragen of wolle jo oare saken kwyt?
Dat kin by de kommisjeleden en dat binne:

Wietske Hettinga , foarsitter	058 250 2414
Adrie Abbing , skriuwer	058 250 1689
Djoke Reitsma , ponghâlder	058 250 1235
Julius Galama	056 660 2132
Ruurd Speerstra	058 250 1151
Selena Ypma	06 40332351
Joop Bootsma	058 250 1903
Peter Visser	06 10434304



Programma merke 2011

Tongersdei 8 septimber

- 19.00 Iepening fan ús merke. optocht foar jong en âld (ferklaaid passend by it tema) mei oanslutend it memory-spul
- 20.30 Knock-out show
- 22.00 Muzyk mei "Juke Box"

Soe heabeltsje hjoed komme?

Jûn kinne jo noch oant 23.00 oere mei de âlde munten fan Jan Kelderhuis betelje.

Tiden Draaimûne

	TONGERSDEI	FREED	SNEON
DRAAIMÛNE		10.00-12.00 EN 13.00-14.30	10.00-12.00
BERNESWEEF		15.00-16.00	15.00-16.00
GRUTTE SLJEEF	FANÔF 19.00	FANÔF 19.00	FANÔF 19.00

Op Easterwierrum.nl/merke is alle informatie over de Merke terug te vinden zowel in het Fries als in het Nederlands. Ook zullen na afloop alle foto's op deze website komen te staan!

Freed

9 septimber

- 08.30 Wekker wurde
- 09.00 Spultsjes foar de skoalbern
- 09.00 Spultsjes foar de bern fan 2-4 jier
- 10.00 Brea-ite op it sportfjild mei alle ynwenners fan Easterwierrum
- 11.00 Moarnsgymnastyk, ek foar de bern
- 12.00 Keatse
- 15.00-16.00 Bernesweef
- 15.00 Dollarsmite
- 17.00 Priisútrikking fan it keatsen en it dollarsmiten
- 18.30 Kasinojûn
- 22.00 Muzyk mei "Flex"

Soe heabeltsje hjoed komme?

Sneon

10 septimber

- 08.30 Wekker wurde
- 09.00 Amerikaansk spektakel
- 11.45 Matinee mei "Dûbeldyk"
- 15.00 Amerikaanske hap by Roelof
- 15.00-16.00 Bernesweef
- 16.00 Race nei it alter
- 16.00 Muzykmiddei foar de 50+
- 19.00 Rinspul
- 20.30 Ferlotting, priisútrikking
- 22.00 Muzyk mei "Daylight"
- 02.00 Sluting

Soe heabeltsje hjoed komme?

